De Fryske Librije

Rige Lytse Folksskriften



SEALTERLÂN

GEAKINDIGE SKETS

FEN

DR. J. BOTKE

A. J. OSINGA — BOALSERT

DE FRYSKE LIBRIJE
– RIGE LYTSE FOLKSSKRIFTEN –
UNDER LIEDING FEN Dr. G. A. WUMKES

XVII

SEALTERLÂN

GEAKINDIGE SKETS

FEN

Dr. J. BOTKE

A. J. OSINGA – BOALSERT – 1934

SEALTERLÂN

FEN

Dr. J. BOTKE

Sealterloand, dû leist ousléten
Fon de warreld gans forjéten.

I. De reis dêrhinne.

As ik hjir it ien en oar oer 't Sealterlân meidiele scil, den wolle det gjin taelkindige skôgings wêze en ek gjin dokumentaire útiensettings oer de skiednis; myn doel is allinne, de Friezen yn ús Fryslân bikend to meitsjen mei in âlde leat fen 'e Fryske stamme, mei in hântsjefol ljue, in rûzke minsken, dy't der libje yn it formidden fen Dútske bifolkingen, mar dochs troch al de ieuwen hinne hjar Fryske tael en brûkmen bihâlden hawwe. In hântsjefol minsken, nau oan ús bisibbe, dy't rjucht en sljucht fen âlde tiden ôf dêr libbe ha op in sânnige krite in eintsje oer de Dútske grinsskieding.

„Können Sie sagen: njûgen ûn njûgentich?"
De Sealter, dêr't wy yn 'e jachtweide fen in weardshûs yn Rommelse mei yn petear kamen, seach ús oan, as woe er sizze: „nou ha'k jimme." Mar wy koene it sizze: „njûgen ûn njûgentich, njûgen hundert njûgen ûn njûgentich."
De Sealter seach syn maet ris oan, dy't dêr op in trijepoat by de tapkast siet en dy't de saek ek bjuster frjemd foun.
Wy makken it dúdlik, wy wierne ek Friezen, en wol Friezen, dy't in ein oer 'e grins wennen; ús sprake hie hiel hwet oerienkomst mei dy fen 't Sealterlân.
Mar ik fal samar mei de doar yn hûs.

Men scil earst wol ris witte wolle, hwa't dy „wy" wierne en hwet wy dêr diene. Nou den — it wier Peaskefekânsje en mei ús beiden, de hear Heidinga, learaer yn 'e plant- en dierkinde to Grins en myn persoan, hiene wy in úttochtsje op 'e fyts ûndernommen troch East-Fryslân hinne nei Oldenboarch om it dêr ús sa bisibbe Sealterlân ris op to siikjen.

De trein brocht ús nei Nije-Skâns; fen dit plak ôf binne wy op ús „rêd" lyk as de Sealters sizze, it Easten yngien, oer Weener, Irrhove, Westrhauderfean en Eastrhauderfean. Wy bleaunen ien nacht yn it lêstneamde doarp en teagen de oare moarns it paed oer it hege fean lâns nei 't Sealterlân.

Us reis komt hwet route oangiet wol oerien mei dy fen twa oare Friezen, dy't yn 1832, sa'n foech hûndert jier lyn dos, ek nei itselde lântsje teagen en hjar bifiningen oer lân, minsken en sprake dellein ha yn in tsjûk boek fen in goed 400 siden.

It wierne de hearen Jonker Montanus de Haan Hettema en Dûmnij Rinze Posthumus fen Waeksens, twa mannen hwaens nammen in goede klank hawwe yn 'e skiednis fen 'e Fryske skriftenkennisse.

De route, sei ik niis, kaem wol op itselde del, mar it reisgjen sels wier do hiel hwet biswierliker as tsjinwirdich. Hja rieden 17 Juli 1832 fen Ljouwert en kamen dyselde deis yn Grins oan. It gyng do mei de dillizjans. Hja wierne wûnder yn it skik mei hjar fehikel. De strjitwegen en de dillizjanses, mienden hja, bikoarten it reisgjen tige. Om't er safolle to dwaen wier yn 'e koarte tiid fen it libben, seinen se, moast alles sa gau mûchlik gean, sâwol it reisgjen as it saken dwaen en for dy hastige ljue wier de dillizjans, neffens de skriuwers, suver in útkomst.

Dyselde deis gyng it mei de trekskûte nei Wynskoat. Hjir bleaune hja in nacht; de oare moarns rieden hja mei in Emder retûrwein nei Weener, by de fêsting Nije-Skâns lâns. Fen Weener ôf binne hja per pedes apostolorum fierder tein; yn Weener namen hja immen mei om it paed to wizen. Hja kamen oer de Amze (Eems), by Grootegaste lâns, en fierders foarby Irrhove, Collinghorst, Greete, Rhauder Westerfean, dos earst troch it Reiderlân en den troch it Oerledingerlân. Yn 'e lêste feankoloanje foel hjar it Leechlânske karakter op, en det die 't ús ek. Dit is nou net sa frjemd as men wyt, det yn 'e 18de ieu troch Leechlânners dit fean ôfgroeven is. De beide reisgers sizze, det hja hjar yn dit doarp hwet opfrist hawwe; hja moatte den wol tige smoarch en ûngedien der útsjoen hawwe, hwent it wetter op ús wasktafels hie in jarre-eftich kleurke, en 't scil yn dy tiid net better wêst hawwe.

Do binne hja mei in nije liedsman it oardelûre brede fean optein. Wirch en ûngedien kamen hja yn Rommelse oan. Mar it earste ynkommen wier oars net ûnaerdich, hwent efkes foardet se yn it doarp oanlânnen, kaem in Sealter faem, in „wocht," hjar yn 'e lânsklaeijinge tomjitte. Hja scoe nei it rôggefjild; hja hie in flugge, treftige gong, in fêste hâlding; loftich hie hja de reade rok oer it skouder slein; hja droech in lâneigene kape, dy't in roune, platte bol hie, fen foaren breder wier as efter en mei in read lint ûnder it kin fêstmakke wier. Hja biskôgen it as in goed teiken, dat it earste dat hja seagen, sa'n eptich fanke wier en det it earste Sealterske wird, dat hja hearden it „goen ewend" út 'e mûle fen 'e niisbiskreaune faem kaem. Gjin wûnder dat ús beide mannen alhiel geande wieren; hja litte dat ek wol blike, al is 't den op in wize, dy't ljue út hjar tiid en fen hjar stân en âlderdom paste.

Wy binne net op sa'n romantyske wize ynhelle; der wier gjin faem, dy't hjar reade rok oer 't skouder slein hie, dy't in lâneigene kape droech en fen ûnder dy kape ús in goen ewend tarôp. Dit laei fensels for in diel oan ús, om't wy sa bitiid yn 't jier it lân ynfoelen en er yn dy tiid gjin minsken nei it roggefjild hoechden to gean, twaddens, omdat fen 'e lânklaeijinge net folle mear oerbleaun is.

Eins wier dizze tocht de twadde dy't 'k nei Sealterlân die en letter haw ik mei in rûzke Friezen en Friezinnen [1]) it for de trêdde kear opsocht. Alle trije kearen binne der wer nije bânnen knotte twisken ús Fryslân en dizze libbene rêst fen it Fryske East-Fryslân.

II. Geakindige biskriuwing.

Mar litte wy nou it ien en oar fortelle oer dizze kriten.

It lântsje leit yn Oldenboarch tsjin East-Fryslân oan en wol tsjin it Oerledingerlân. Yn 't Dútsk neamt men it: Sagelterland ef Sagterland; yn de eigene sprake is it Sealterloand ef it Sealter; de biwenners binne de Sealters; de sprake is it Sealtersk. It hat in lingte fen 23.3 k.m. (likernôch fen Ljouwert nei 't Oranjewâld), de breedte is yn it noarden hwet mear as 2 k.m., yn 't midden ryklik 10 en yn 't suden likernôch 6 k.m.; it is op in kromke nei 15000 h.a. great, ef wol men it krekt: 14906 h.a. mei in pear ares en fjouwerkante meters. Sealterlân is in sânnige krite, dy't yn 'e hiele lingte trochsnien wirdt fen in stream, in djip, (djopt), mei in great tal kronkels. Dit djip nimt syn oarsprong op in sânflakte súdlik fen Sealterlân, nammentlik op 'e Hümmeling yn Hannover en hjit earst Marka; nei 't noarden streamjend is dit djip in set de grins twisken Oldenboarch en it eardere hartochdom Arenberg—Meppen. Net fier fen Nij-Skeddel by Eesbûsk nimt it lofts de Ohe op, dy't tichte

---

It wierne: Frou Quarles van Ufford—Buma en frelle Quarles, en de hearen Sjoerd Rusticus, Tsjeard van der Zee, Arjen Witteveen, Tsjitse de Jager en de skriuwer. Oer dizze tocht skreau De Jager yn Sljucht en Rjucht, en Frou Quarles van Ufford joech in moai forslach yn „De Stim fen Fryslân" 1931.



by Spahn ek fen 'e Hümmeling komt. Nei de forieniging fen dizze twa is de namme: Sealter Amze ef Ei en dizze meändert troch it hiele Sealterlân. Troch al dizze bochten hiene de skippers nea foar de wyn en is it bifarren net in maklik wirk. Al yn 1588 wirdt sein, dat de frouljue en de bern nachts en deis, ier en let, winters en simmers lûke moasten. As it wetter heech is, giet it oer de lege stikken, dy't oan wjerskanten lizze en den koe in skip sims it farwetter



De Ei by Rommelse.

bjuster reitsje en op it lân komme to sitten. 'k Siz: koe, hwent tsjinwirdich wirdt it net folle mear brûkt for de skipfeart; de strjitwei hat it forkear oernomd.

Hwa't sin hat for geologyske stúdzje, kin hjir alderhanne aerdige dingen merkbite; ho't oan 'e bûtenkant fen 'e bochten de iggen heech binne, wylst hja oan 'e binnenkant leech út it wetter oprinne, ho't de streamtried deun by de hege iggen lâns rint, det de kant wirdt hjir ôfgnabbele, wylst oan de oare kant fen 'e útbocht it weiskoerde materiael wer dellein wirdt. Dêrtroch krinkelje hjar de bochten

ho langer ho mear, wylst einlings sa'n bocht ôfsnien wirdt; in setsje letter bigjint it proces wer op 'e nij.

De hege iggen binne hjir en dêr mei beamgûd biset. Net fier fen Potshausen nimt de Sealter Amze it Langholter djip op en falt den by Wiltshausen yn 'e Jümme, dy't fjirderop Leda hjit; dizze jit syn wetter by Leerort yn det fen 'e Amze.

De Sealter Amze lâns wier it dat de Sealters hjar turf (eed) forfierden. Nou binne de strjitwegen en it spoar de forfiermiddels.

Oan wjerskanten fen it djip binne hjir en dêr sodzige en klinige plakken, mar oars is Sealterlân in sânkrite, mei inkelde hichten lyk as de Sedelsbyrch en de Pellebyrch. It efterlân is in meagere geastgroun, dy't sels by goed dongjen en in goede biwirking mar in skriele rispinge jowt.



Brêchje oer de Ei by Hollnerfaen.

Dy sângrounen dêr binne boud lyk as dy fen ús heitelân. It is diluvium en op trochsnijings fine wy faken in brune hirdere laech, dy't by ús fels hjit en dêr *orre* neamd wirdt; der boppe leit it *„griis soand"* (= skyrsân). Hiel goed is det to sjen bygelyks nei de kant fen Hollnerfaen. Ek sjocht men wol boppe it griis soand in âlde humuslaech en dêr wer giel sân boppe op; dit is den ûntstien troch opwaeijing.

De lânnen by it djip lâns binne greiden en miedlânnen; hja binne faken hwet klinich. De mear wyldere stikken, it

ûnlân, is gâns biset mei *posten* (Frysk: galjes ef kreils), dy't mei hjar swietrûkende pûskes en hjar waerme brún reade kleuren altyd hwet feestliks oan it gea jowe.

De sânkrite mei hjar djip, hjar greiden, mieden en bou wirdt alhiel omsletten fen hege feanen (Sealt: fân ef faen); dit wierne eren oarden, dy't net to bigean en net to biriden wierne. It wierne greate sodzen en allinne de biwenners fen it sa ynsletten lân wisten de plakjes to finen, dy't



Sângea by Hollen.

heech en droech genôch wierne om dêr oerhinne to kommen. En faken moast men den noch fen de icne pôlle op de oare springe. Yn 'e Frânske tiid binne der paden, feanpaden, oanlein; nou't de feanen yn 'e lêste tiid al frijhwet ôfgroeven binne en dêrom for in diel ek hjar wetter forlern hawwe, binne se hwet better bigeanber, mar dochs bliuwe der noch genôch wiete, sompige plakken oer; der binne noch hiele fjilden mei feanmoas, mei riichheide, skrobbersheide en heidebeijen; dêr waeksje noch de moarken, de siggen en oare planten, dy't hjar op it hege fean thús fiele.

Hjir kin men noch wol aerdich djip yn 'e weake feanmassa weisinke. Dizze hege feanen hawwe de oarsaek west, det Sealterlân syn âlde brûkmen en âlde tael bihâlde koe, det Sealterlân bleau for de Sealters sels.

Dizze libje fen lânbou, fen fé en bijehâlderij, mar foaral fen it turfgraven en de turfhânnel; oeral sjocht men de „eedgrêb," de petten scoene wy sizze, hweryn it fean ôfgroeven wirdt.

Sealterlân bistiet út trije gemeinten, de doarpen *Strûkelje*, (Dútsk: Strücklingen), *Rommelse* (Dútsk: Ramsloh) en *Skeddel* (Dútsk: Scharrel).

Elts doarp (Sealtersk: terp) hat inkelde útbûrrens (boorschappen). By Strûkelje: Utende, Wytsoand, Baljene, Bibelte; by Rommelse: Hollen, Holnerfaen (fân); by Skeddel: Bedholt, Fermesoand, Nijwaal, Sedelsbyrch.

III. It fean en de feangraverije.

De boppeste laech fen it hege fean is in los materiael, de *bonkeed*, den komt de *griiseed* en de *swâteed*. Ek de holtstobben ef it kienhout komt op forskate plakken foar.

De technyk fen 'e graverij is frijwol deselde as dy yn Fryslân en Drint. Mei in *stikker* wirdt yn 'e eedgreb earst in ynsnijïng makke, dy't oanjowt, ho lang de turf wirde scil, mei deselde stikker wirde de oerdwerse ynsnijïngs ynstitsen, dy't de breedte fen de turven oanjowe. Mei dc *joager* wirdt de turf den ôfstitsen. Dizze joager (men makket noch ûnderskie twisken in *like* (=rjuchte) en in *krûme joager*) is in soarte fen lep, mei iisder bislein en dûbeld sa breed as by ús it arkje; mei it arkje wirdt de turf ien for ien útstitsen, mei de joager kin men twa tagelyk nimme; dizze turven wirde den op in lege karre smiten, dy't op reels rint en dy't se wol de *eedwain* neame. For reels brûke se it Dútske wird: *gleise*. Sa gau de eedwain fol is, wirdt dizze nei it slach (*it sleek*) litsen en hjir omkipe. Soms die dit in lytse beuker fen in jonkje; ek de frouljue helpe wol by dit wirkje.

By ús tocht yn 'e Peaske-fekânsje, wier it noch hwet to

bitiid for de graverij; hjir en dêr wier men lykwols al oan 'e gong; sa wier der ien, dy't hwet âlde turf mei in turfwein ophelle; de hynders hiene *brikken* ef trippen ûnder de poaten; dit binne houten plankjes mei in bûgel fen iisder en in tou, dêr't se mei oan 'e hoeven fen 'e hynders fêstmakke waerden.

By it ark heart ek in *eedkraite*, dit is in bak út latten makke mei fjouwer earms; yn dizze kraiten wirdt de turf forsjoud.

As de turf yn 't slach al hwet opdroege is, wirdt se yn *banken* ef *ringen* set, ek wol yn lytsere heapkes, yn *stûken*. Is se droech, den komt se op greate *eedbelten*.

Der siet noch hiel hwet turf fen it foarige jier; dizze wier net droech rekke en wer wiet wirden en do yn 'e winter bifêrzen. Sokken neamden se, lyk as by ús, smûzen. Fen in winterbonk seach ik hjir neat; d.w.s. in biskermende laech, dy't tsjin de ôfstitsene kant smiten wirdt, as men mei turfgraven ophâldt. Wol friest den de laech hwet yn en is de turf dy't dêrfen komt, de smûsturf, net bisûnder goed, mar men hat der safolle fean, det it op in bytsje minder ef mear net oankomt.

Op in inkeld plak, net fier fen Rommelse, wierne se oan it *preseed* meitsjen. Yn in greate masjine waerd it fean smiten; dizze mealde it fyn en parste it, en den kaem it fean as in trochrinnende roune woarst der út, krekt as de ierde by de ierapelboaren to foarskyn komt; in rêd mei messen sloech der kerven yn en sa roun den de preseed op in transporteur nei de oare kant fen it setfjild, det hjir *spredenje* hjit. Hjir waerden de boerden, dêr't de turf op forfierd waerd, omkipe, en den laei der in nije rige tsjin de oaren, dy't der al leinen. Sims kaem de iene rige op de oare, heal britsen faek. It like in frij rûge boel, lang sa krekt net as 't by ús bart. Hja hiene it hjir ek wol dien nei 'e Leechlânske trant, mar op dizze wize gyng it gauwer. Mar sokke moaije fjouwerkante baelders as by ús makke wirde, hoechde men hjir net to siikjen.

It lân, det ôfgroeven is, wirdt oanmakke en dit is den it *brédenje*; dit moat bistjutte: it lân, dat birêdden is.

By it graven hawwe de mannen klompen oan, dy't er hwet oars útsjogge as dy't men gewoanwei draecht; hja binne alhiel sljucht fen ûnderen en breder. It doel is, lyk as sprekt, in hwet breder grounslach to hawwen en net sa maklik yn 'e weake feanmasse wei to sinken. Dizze klompen (Fr. stekklompen) neamden se *brikhosken*.

Op ii hege fean waerd yn earder tiden frijhwet bokweet, „bokete," boud, mar lyk as bij ús, tsjinwirdich net mear yn dy mate, as men dat for in fiiftich jier die. Wol wirdt it hege fean hjir en dêr biboud, mar mei oare fruchten, lyk as hjouwer; by dit bibouwen hie men hiel hwet lêst fen 'e grauwe rûp, de larve fen 'e langskonkige mig, de Tipula; dizze rûp, ljeaver dizze maeits, kin hiel hwet forfrette yn 'e groun. Men bistrydt se tsjinwirdich mei Parysk grien en simmels. Hjir hie men in oare metoade, dy't op forskate plakken yn Dútsklân folge wirdt. Men hie hjir nammentlik nêstkasjes ophongen for de fûgels en wol for de protters, it wierne de *sprehekaesten*. Op ien plak hie men in stellaesje mei 18 fen dizze kasjes by elkoar.

IV. It boerehûs.

Nou wol ik hjir inkelde dingen sizze fen it hûs, it boerehûs.

It is opmerkelik, dat wy hjir net mei de Fryske wize fen bouwen to dwaen hawwe, mar mei de Saske ef Sassyske. De huzen, lyk as Hettema en Posthumus dy biskriuwe for in foech 100 jier, komme mar hiel komselden mear foar. Wol súdliker yn 'e omkriten fen Friesoythe (Sealtersk: Eit), yn Altenoythe bygelyks, det lykwols net mear ta it Fryske Sealterlân biheart.

Yn Sealterlân wier der noch ien mei de âlde bouoarder, ús waerd sa'n *eapen* (=iepen) *hûs* oanwiisd yn Holnerfaen. It wier it hûs fen Wubbe Haeyes. Wy hiene mar to freechjen: „Wir woont Wubbe Haeyes". Letter bliek, dat Wubbe Haeyes al lang net mear op dizze wrâld bistie; syn dochter Marijke Deddens, hie it spil yn hast ûnforoare steat bihâlden. Det „Wubbe Haeyes" wier lykwols gjin forsin. It hûs bihâldt

dy namme, dy't it ienkear hat, al komt er den ek ien yn, dy't oars hjit.

Efteroan wierne, hwet ynboud, *de grood-doore*, de greate doarren, dêr't de iene fen yn *boppe-* en *onderdoore* fordield wier. Yn ien fen dy doarren is faken in finster (S. *feenster*) en ûnderyn wier in gât for de hinnen: it *hânnegat*. Oan de iene sydkant fen de skûrre wier de syddoar, de *lutje*



Hûs fen Wubbe Haeyes.
Efterkant mei de „grood-doore."
Iepen hûs (Eapen hûs) Holnerfaen.

doore en der neist hwet lytse rútsjes. Hjir moast it ljocht troch komme, as de doarren sletten wierne. It inerlike wier, op in lyts diel nei, ien gehiel. As men troch de grood-doore ynkaem, waerd it foarste diel ynnaem toch de telle, de stâllen en alles hwet ta de bûrkerij biheart. It fierste diel wier de wenromte, hjir wier de fjûrhird (Sealt. *fjûrheed*). Hjir barnde in leech turffjûrke en der boppe hong oan 'e tsjettelheak (Sealt. sittelhoaken) de tsjettel (*sittel.*) Oan dy heak koe ek in *hangizer* heake wirde en hjir koe den

it iene ef oare poatsje opset wirde. Dit hangizer en de iepen hird binne by ús fordwoun, mar net út 'e tael; men heart faken noch de sizwize: „it is in hangizer om oan to gean", ef „it scil in hjit hangizer wirde."

Efter it turffjûrke leine in pear stiennen en hjir stie in iisderen stander, de *hund*, dêr't men de tange (tonge) yn sette koe.

Hûs fen Wubbe Haeyes.
Foarkant; yn it tek in 20-tal pannen, dêr't hea ynsmiten wirdt yn 'e hokommer.
Iepen hûs (eapen hûs) Holnerfaen.

Yn hwet mear nijerwetske boerehuzen wier ek wol in fjûrhird, mar de reek waerd den troch in boazem weifierd. Hjir lykwols wier de hird noch midden yn 'e wenromte en de reek moast mar sjen, ho't hy der útkaem.

Boppe „de heed" wierne de balken sa swart as roet ef better, swart fen it roet, det yn lange triedden dêr oan hong. For de moaijichheit hie Marijke tsjin dat roet hwet sân struid.

Hwet fen siden hong hjir in partij skinken; de kenners sizze, det dizze wize fen rikjen de lekkerste waer jowt; de

bûrljue (noabers) hiene den ek allegearre hjar spil nei Marijke brocht.

Foar de syddoar en de rútsjes oer, wierne bedsteden oanbrocht, en ek noch yn de dwêrsmûrre. Moaije reade bêdsgerdyntsjes joegen in aerdich kleureffekt yn al dat swarte en grize.

Oan 'e kant fen 'e telle stiene hwet kij yn in leechstâl, de koppen twisken de peallen troch. Efter de kij wier in

Hûs fen Wubbe Haeyes.
Sydkant mei „lutje doore."
Iepen hûs (eapen hûs) Holnerfaen.

gat yn 'e mûrre en dit wier ôfsletten mei in lûk, *de klapper*; boppe de kij wier in soarte fen souderke: *de hylde*. De peallen stiene yn in planke: de *foetskeddel* en de kij wierne oan dy peallen fêstmakke mei de *koeketten*.

Boppe de telle wier ek in souder makke fen jiffers; dit wierne de *balke*; hjir waerd de rog en it oare noat opbirgen, wylst op de hylde hwet strie laei. Yn dy balken wier in gat iepenhâlden, it berchgât, hjir moast den it noat troch hinne brocht wirde.

De mûrre dy't foar de *grooddoore* oer stie, wier net in bûtenmûrre, mar efter dy mûrre wierne nog twa romten; de iene wier de berchromte for it hea, de *hokommer*; troch in doar stie de hokommer yn forbining mei de skûrre; it hea waerd op in egenaerdige wize deryn brocht; boppe wier yn it tek in fjouwerkant stik mei pannen bilein (sj. de fig. fen s. 17), as it hea der yn moast, waerden dizze pannen weinomd, der wier den in gât yn it tek en hjir trochhinne waerd den



Hûs fen Wubbe Haeyes.
Oare sydkant.
Iepen hûs (eapen hûs) Holnerfaen.

fen bûten út de heakeamer folle. Troch de doar yn 'e binnenmûrre waerd it hea den fen 'e hokommer yn 'e „koestael" brocht. Yn de twadde romte, neist de hokommer wierne twa finsters; dit diel wier in soarte fen berchromte, hjir stie in âld „spinrêd" en oare dingen, dy't net alle dagen brûkt waerden.

Tsjin de binnenmûrre stiene noch in pear kasten, de *schappen*, de iene for it peslein, de oare wier de kleankast, de *kloaderschap*. Tsjin de mûrre stie in biezem fen bjinten

en dêr hongen in pear printsjes. Alles wier swart fen 'e reek, dy't in paed socht twisken de balken en itjinge hjir opsteapele wier, om troch ien fen de beide *oiegatten* nei bûten to kommen. Dizze oiegatten wierne healwei de naeld en de oes (de ooze) oanbrocht. It wierne aeifoarmige gatten, dy't hjar foarm krigen fen in pear omgongen fen in bijekoer, dy't as in kezyn it gat ûmjoegen.

Bûten yn it hôf wier der noch in soarte fen berchhok, âld, boufâllich, rommelich. Alle doarren hongen sahwet út it lead. Twisken de beammen fen it hôf roannen freedsom de hinnen (de *hânnen*.)

Yn 'e âld skûrre stiene de frou, âldfaem, en in fanke, in „wocht" dat hjar holp, swijsom yn it healtsjuster fen dizze âlde wente, dêr't de lûden fen 'e nije tiid noch gjin wenplak founen.



Hund (a) en Hangizen (b)

En nou binne wy wer bûten en wy sitte op 'e wâl twisken de *moiboomen* (kûtsjebeien.)

De sinne skynde noflik, de maeitiid wier op kommende wei. It sinneljocht streak oer de knoppen fen 'e moiboomen om it libben, dat biskûle siet yn dy wytwollige blêdtsjes, ta ûntjowing op to roppen. Mei gauwens scoe de maeijebeam syn knoppen iepenje en de kroantsjes en tsjelkjes iepen lizze for it ljocht.

Yn de wille fen it iere foarjier stie dêr de skûrre fen Wubbe Haeyes, mei syn grooddoore noch iepen en it lêste ljocht fen 'e leechsteande jounsinne laei hwet kleur op al dat swarte en grauwe en makke it rommelige ark ta dingen fen moaijens. Grau en rommelich scoe de skûrre fen Marijke mei gauwens dêr stean, midden yn 'e bloeijende blommen

en sjongjende fûgels as in âlde en stille tsjûge fen tiden, dy't foarby wierne.

'k Ha niis al sein, dat dit it ienichste iepenhûs wier, dat men op't heden yn Sealterlân fine kin. Men hat yn 'e lêste tiden wenhûs ef koken en skûrre skaet. Yn 'e bûtenmûrre seagen wy hjir en dêr in egenaerdich útbousel, dit wier de bakoun ef *bakogent*; dizze waerd fen binnenút stookt en hjir waerd den it brea bakt.


Sittelhoaken

Soms wier ek de bakogent der net mear en wier it útbousel ôfbritsen, mar op dit plak koe men oan de swarte stiennen noch dúdlik it sté sjen, dêr't de oun stie hie. De fjûrheed moast plakmeitsje for de kachel, dy't wûnderlik genôch, *maskine* hjit. Dochs wier hjir en dêr de iepen hird noch biwarre en yn it weardshûs fen frou Geese koe men jouns tige smûk om 'e gloede fen it turffjûr by inoar sitte en dêr de forhalen fen 'e Sealters oanhearre.

In inkeld wird yette oer it tek fen 'e skûrre. Dit is faken fen heide (S. *hede*); sims seach men ôfwikseljende stripen fen heide en rogstrie. By de oes (de *ooze*), de ûnderrânne dos, waerd altyd strie brûkt. De foar- en efterkant fen it tek rint faken frij steil omheech en oer de foarmûrre stekt it in ein nei foaren: dêr wier dos in soarte fen ôfdak boppe de bakogent, de *ham*. Under dit útstekkende diel is wol in greate stôk fêstmakke en hjir wirde de tusearte oan ophongen om to droechjen.

Litte wy noch efkes om hûs en hear sneupe. Bij inkelde huzen is een stookhutte, dy't wy yn 'e Wâlden wol it harntsje neame en dy't hjir bakhûs hjit.

De rûchskerne wier de *hoage*, in hinnestjelp de *sukkensengel*, in turfskûrre wier in *eedbouwe* en yn 'e wâl, dy't de stikjes lân omjoech, wierne faek kelders makke for de ier-

âppels: *tovvelkekelder*. Dit alles fortelde ús in frjeonlik wocht yn Hannerfaen en letter ek de *ol babe* (pake) dy't fen it ierappellân kaem, do't er yn 'e fierte twa frjemde snús-hoannen om it hûs strunen seach.

V. Eat út 'e Skiednis.

Men scil freechje: ho komt Sealterlân oan syn namme. Sok soarte fen fragen is trochstrings net maklik to bianderjen, hwent de âlde nammen komme út in fier forline, do't men er noch net om tocht om de dingen op te teikenjen. En as men letter de bitsjutting wer opdjipje wol, den moat men sneupe yn 'e âldste oarkinden; men kin der ek mei de mûtse nei smite en den kriget men faek bjusterbaerlike forhalen.

Yn 1800 jowt in dûmnij út Halberstadt, J. G. Hoche in biskriuwing fen dit lân, dy't net al to krekt is, om't hy er mar in dei west hat en yn dy iene dei al syn wittenskip hjiroer opdien hat.

Hoche jowt in trijetal forklearrings, dy't er wol hwet wûnderbaerlik útsjogge.

De iene scoe wêze, dat Sater *goed* bitsjutte, mar yn hokker tael wirdt der net by forteld. Neffens in oare útliz wier der ris yn âlde tiden in Sealter finzen naem fen de greve fen Tecklenboarch; men koe him net forstean, de greve hie frege oan syn ljue: „hwet seit dy man" en ien fen syn gefolch hie andere: „Er sat eer land sy frij" (sat = seit) En hjirfen wier it wird Sealterlân kaem!

Den jowt de earwirdige reisger noch in trêdde forklearring. Hy scil wol tocht ha: elts goed ding bistiet yn trijen.

Yn 'e earste tiden fen 't Kristendom moasten de Sealters wol acht ûren rinne om yn 'e tsjerke to kommen. Hja moasten den de Snjeons al op 'n paed, om Sneins de tsjerke-tsjinst by to wenjen. It wierne dos: „Saterdagers"

Mar rieplachtsje wy bettere taelkindigen, lyk as Minssen en Sello, den fine wy it folgjende.

Sealterlân hjit ek wol Sigilterland, Sagelterland, Sägelterland, Sägterland ef Sagterland. Yn âlde tiden wirdt spritsen fen

in comitia Sighiltra en det is den it lân, det om Sögel ef Sighiltra hinne leit. Sögel is in tsjerkedoarp yn 'e Hümmling en leit bûten it tsjinwirdige Sealterlân.

De doarpen fen it tsjinwirdige Sealterlân wirde noch net neamd yn in stik fen 1150, hweryn al de bisittingen fen it kleaster Corvey opnomd binne, wol steane dêr de doarpen yn, dy't der omhinne lizze.

Earst yn 'e 13e ieu heart men eat oer dit lân ef ljeaver oer Sighiltra, det oan 'e greven fen Tecklenboarch hearde. Neffens Siebs moat Sigiltra in Fryske foarm (twadde fal meartal) wêze en sa mient hy, det de foarfaers Friezen wierne, dy't yn Sögel wennen.

Letter scoene hja den Noardliker gien wêze, en kamen se yn in lân, dat min tagonklik wier foar oaren, ôfsletten as it wier troch de hege feanen; op dit lân hawwe hja de namme Sealterlân oerdroegen. Hwet de oarsaek west hat fen dit forfarren? Sello tinkt, det it wol de striid west hat dy't de biskop fen Münster fierde mei de Friezen yn 'e omkriten en wol yn it Amslân (Ams of Amze = Ems) De biskop Loadewyk II skynt wol in grimmitige Friezenfijân west to hawwen. Der is fen him opteikene: „De biskop venk allentelen der Vresen vele und dode se, und berovede se, und stinodigede se"

It forrin fen 'e stoarje fen Sealterlân is net sa ienfâldich.

Ik scil hjir in koart oersjuch jaen oan 'e hân fen Sello. Mei Sögel stie it tsjinwirdige Sealterlân yn it bigjin fen syn skiednis ûnder de greven fen Tecklenboarch. Mar oan it ein fen 'e 14de ieu wier it dien mei de macht fen dizze hearen, hwent de biskoppen fen Münster en Osnabrück en ek dizze stêdden forienigen hjar; hja namen Kloppenboarch en Eit (=Friesoythe) yn. Ho gyng it nou mei it Sealterlân? De skiednis is net yn alle dingen like klear.

It sprekt, dat de kriich sûnder ophâlden twisken de greven fen Tecklenboarch en hjar geastlike bûrljue for de foarming fen in krêftich lânsbistjûr yn dizze net maklik tagonklike kriten net bjuster gaedlik wier. De greven wierne al tofreden, as de jierlikse bilêsting mear ef minder prompt opbrocht waerd. De lytse mienskip, dy't yn haedsaek frysk

wier, sleat him mear oan by de noardlike bûrljue, by de Friezen, dy't twisken Amze en Weser tahâldden; dêrfen hiene hja al tsjûge, troch it opnimmen fen it byld fen Karel de Greate, it sjibbolet fen 'e Friezene frijdom, yn it ségel fen it lân.

Noch mear sleaten hja hjar oan by de Noardlike Friezen yn 'e anarchistyske tiid, do't de Tecklenboarchs hjar lân ôfstean moesten oan de niisneamde biskoppen. Hja warden hjar tsjin it gefaer det út Westfalen, dos út it Suden, drige, mar oan 'e oare kant moasten hja ek op hjar hoede wêze tsjin de Fryske Haedlingen. Dizze fochten meienoar en bisochten troch alderhanne striid hjar lânhonger to bifredigjen. It slachte fen Ocko tom Brok, de haedling út it Auricher- en Brokmerlân, makke nei it skynt brûkme fen 'e deilisskip twisken Tecklenboarch en de biskoppen, en woe it lytse Sealterlân oan eigen bisit fêstheakje, neidet er it neistlizzende Oerledingerlân oermastere hie, en fen Hollân, Albrecht fen Beieren, al it oare gebiet twisken Weser en Amze yn lien krige hie. It wier yn dy tiid ien en al heibel en men wier net tige sêftsinnich yn it bihânneljen fen oermastere fijânnen. Sels twisken de neiste sibben wier faken de striid it forhefstichst. Yn it hûs Tom Brok sjugge wy in forwoedende kriich twisken Foelke, de forgrimende („de quaede") mei hjar soan Keno, tsjin Widzel, Keno syn healbroer. Widzel kaem om yn 'e tsjerke to Detern, en wol yn 1399, do't dizze bilegere en yn brân stitsen waerd fen Keno en syn kriichsmaet Focko Ukena.

Hjirby moatte de Sealterlânners de haedrolle spile hawwe.

Keno hie nou de macht, mar yn sté fen tankber to wêzen for de help fen 'e Sealterlânners, bileane hy dizze mei ûntank en Keno's soan Ocko wier sels fen doel, om de moard fen Widzel to wrekjen.

Den komt der wer oare reboelje yn East-Fryslân.

De binde fen 'e „likedeelders" (vitaliënbroerren) dy't neat die as raven en stellen en it foaral op de goed forsjoene skippen fen 'e Hanzestêdden munte hie, waerd stipe fen de East-Fryske haedlingen. Ef yn dizze striid de Sealterlânners ek hjar part hiene, witte wy net, mar wol fynt men hjar ôffirdigen nei it bisluchtsjen fen 'e kamp yn Emden.

It meidwaen fen 'e Sealterlânners oan nasjionael-fryske polityk, hat neffens Sello de oanlieding west, det hja yn it traktaet fen 'e 7 sélânnen opnomd binne. It hearde den ta it saunde en lêste sélân.

Dat saunde Zeland is Rustringaland / Winingaland / en de Butiaingeraland / hwelck land bisith Sibold Ede soen / Joncker Kene suager. Item Overlengerland / Moermerland ende Lingen / dat sint delen disser Zelanden / hwelck Joncker Kene aec bituongh / ende Focke Ukema disse tria Landen fan Kene bileende; ende neen landishera mochte disse Zelanden bituinga bihala disse Focke vorscrioun. Item Segelterland is aec een deel fan disse saun Zelanden ende jout tribuet ende schat den Biscop fan Münster; ende Steedland / Haedelreland / Wymderland wr dio Wesere sint aeck delen fan disse saun Zelanden; disse haet bituongen di Biscop fan Bremen / mer Dithmers is eta oenbihinderd.

It saunde Sélân is Rustringerlân, Winingerlân en Butjadingerlân, hokker lânnen bisit Sibold, Ede syn soan, Jonker Kene syn sweager. Ek Oerledingerlân, Moermerlân en Lingen, det binne dielen fen dizze Sélânnen, dy't Jonker Kene ek bitwong, en Fokke Ukema dizze trije lânnen fen Kene yn lien hie; en gjin lânshearen mochten dizze Sélânnen bitwinge, bihalven dizze Fokke forskreaun. Ek Segelterlân is in diel fen dizze saun Sélânnen, en jowt bilêsting en skâtting ean 'e biskop fen Münster, en Stadelân, Hadelerlân, Wymderlân oer de Weser binne ek dielen fen dizze saun Sélânnen; dizze hat bitwongen de biskop fen Bremen, mar Dithmarsen is noch ûnbihindere.

Yn 1401 hat Keno tom Brok Sealterlân yn lien jown oan de greve fen Geldern, mar de Sealterlânners sels, dy't net mear diel namen oan it politike geïggewear fen East-Fryslân hawwe de biskop fen Münster as hear oannaem. De lettere oarloggen, dy't de omlizzende lânnen forwoastigen, hawwe hja faken allinne field yn 'e foarm fen bilêstingen; ienkear

hawwe hja ûnderfoun, hwet it sizze woe, as in leger as in keppel hûngerige wolven troch it lân teach, do't yn 1622 de kriichsljue fen Mansfeld oer de bifêrzene feanen fen Sealterlân gyngen.

Men kin dit alles mei de boarnen, dêr't dizze kinde út helle is, fine yn Sello's „Saterlands ältere Geschichte und Verfassung."

Oer ien ding moat ik hjir noch hwet sizze en wol oer de godstsjinst fen Sealterlân.

Om 1544 hinne moat it oergien wêze nei it Protestantisme mar in goed hûndert jier letter is it wer ûnder de biskoppelike krûmstêf brocht.

Yn 1642 hie de lêste Protestanske dûmnij út Strûkelje it lân forlitten; it waerd al mear en mear Roamsk en letter hawwe de Jezuîten it lân alhiel wer brocht yn 'e skirte fen 'e âlde Roamske tsjerke.

Nou moatte der noch mar in pear Evangelyske húshâldingen wenje.

Fen dit Roamske leauwe tsjûgje de krúsen, (kjûs) dy't men hjir en dêr yn 'e doarpen fynt en dêr't de iene ef oare fromme hân in rûker blommen ef hwet kinstblommen by dellein hat.

VI. In inkeld wirdtsje oer de tael.

Ik scoe oars net oer de tael skriuwe, mar men kin der net oan ûntkomme.

Hoche jowt in riichje wirden, Westendorp ek, Hettema en Posthumus jowe in frij aerdige samling en ek in spraeklear. Minssen, Siebs en Bröring hawwe hiel hwet oer dy tael meidield, mar in goed en folslein wirdboek bistiet noch net. Pref. Bröring skreau my, dat hy mei gauwens der wer oan bigjinne scoe en wy winskje him ta, det hy slagget.

Men moat hwet ik hjir oer de tael skriuw ek net biskôgje as hwet nijs, myn doel is allinne mar ús Friezen der eat fen sjen to litten.

Men wier yn Sealterlân der wakker mei op 't snjit, det wy bilang stelden yn hjar sprake, en gol joech men andert op alle fragen dy't wy stelden.

En wy hawwe hiel hwet frege, yn 'e koken om 'e fjûrhird by de hear Block, by de pastoars fen Rommelse en Skarrel, oan de wirkers yn 'e feanen, egentlik oeral dêr mar hwet to freegjen wier.

Yn it weardshûs wierne inkelden dalik ré om hjar folksliet for ús to sjongen. Dit is makke fen pastoar Schulte fen Skeddel, dy't earder fikaer yn Rommelse wier.

Ik scil dit folksliet hjir sa goed mûchlik yn ús Fryske stavering jaen, mei de Fryske oersetting.

SEALTER LÉD.

Liûde rakt et fûl ûn loande
Do op Goddes warreld stoande
Man wat gongt dear wél oer Sealter
Un oer 't lutje Sealterloand.

Sealter jeelde ael as broere
Aechtje, helpe én ûn oere
Treff' se sik ok yn 'e Fremde
Hat it floks: wy sunt ja frund.

Ene spraoke ûn an glove
Un dear by it haert so tiow
Det wy ûs am ljoosten seke
Frunskip by dit aine folk.

Sealterloand dat droech myn wêze
Dear wol ik bigréven lêze
Wir ok al myn babe on bêsje
Sunt troch 't iddenljûend geen.

Minsken binne der folle en lânnen
Dy't op God syn wrâld bisteane
Mar hwet giet der boppe de Sealters
En boppe 't lytse Sealterlân?

Alle Sealters jilde as broerren
Achtsje, helpe de ien de oare
Treffe se elkoar ek yn 'e frjemdte
Hjit it daelk: wy binn' dochs frjeonen.

Ien sprake en ien leauwen
En derby it hert sa trou
Det wy ús it ljeafste sykje
Frjeonskip by it eigne folk.

Sealterlân det droech myn widze
Dêr wol ik bigroeven lizze
Hwer ek al myn foarfaers
Nei it ivige libben gongen.

Hûs wir spylden wy as bédene
Det forstopjen yn 'e hédene
Tikken, réden, pingel-pangel
Koed ik dy forjéte wél?

Hûs dêr't wy as berntsjes boarten
It forstopjen yn it hok
Tikken, rieden, berne-boartsjen
Koe ik dy forjitte dochs?

Sealterloand dû leist ousléten
Fon de warreld gâns forjéten
Man dyn faen hat ús ek helden
Frij fon feinde, kriich ûn noad.

Sealterlân dû leist ôfsletten
Fen de wrâld alhiel forgetten
Mar dyn fean hat ús ek hâlden
Frij fen fijnen, kriich en need.

Sealter, wy hebb 't hier goud raked
Dan ûs loand het sik echt maked
Hed' et ûs dach rikelk léverd
Fjûr ûn waoter ûn sêd broad.

Sealters, wy ha 't hjir goed troffen
Hwent ús lân hat trou west
Hat it ús dochs ryklik joun
Fjûr en wetter en sêd brea.

Wy sunt luter én loands loandjer
Skeddeler, Romelster ûn Utendjer
Un wy tanke én ûn 't selge
Sealterloand, det ljûje hoog!

Wy binne suver bern fen ien lân
Skeddeler, Romelster en Utendjer
En wy tinke ien en 't selde
Sealterlân, det libje lang!

De Sealters hawwe hjar tael net forlern yn 'e rin fen 'e tiden, mar nou it lân mear en mear iepen leit for it forkear, wirdt it tal Sealtersk sprekkende ljue lytser, foaral yn it noardlik diel, yn Strûkelje. Dy't it noch sprekke kinne, binne lyk as hjar foarâlders, der wol aerdich greatsk op, det de ljue yn 'e omkriten hjarren net forstean kinne.

Dêr binne in pear forhaeltsjes oer, dy't noch wol forteld wirde.

Ien derfen is dit:

Karfoarst Clemens August hâldde yn Sögel ta. Hy fortelde dêr ris by in greate jachtpartij, dat yn syn ryk in

folkje wenne, dat in for in oar ûnforsteanbere tael hie. De gasten woene dat net leauwe en wedden mei de prins, dat hja it wol forstean scoene.

Do liet Clemens August Hinnerk Wullems, in âlde Skeddeler, helje en dizze laei oan de hearen it folgjende foar: „Ik wil etter 'n isk wai to tyljen, man do ron my det jool ûten ploogstal ute, ûn ik moste wyr etter hûs." (Ik woe nei de isk (= boulân) to ploechjen, mar do roan my it tsjil út it stel en ik moast wer nei hûs).

Hjir koene de gasten net by, de prins woun it en joech Hinnerk it jild.

In oar forhaeltsje:

Yn 't bigjin fen 'e 19de ieu waerd yn Rommelse ris in greate brilloft fierd, dêr't ek frijhwet Skeddelers by frege wierne. Dizze hiene mei de oare brilloftsgongers al frijhwet wille hawn foardet hja nei de tsjerke gyngen. De pastoar fen Rommelse wier net bêst to sprekken oer dizze feestelikheden en neamde de Skeddelers greate dogeneaten. Dizze wierne hjir wer min oer to sprekken en do't de pastoar út 'e tsjerke kaem, hawwe hja't him ek fris sein; ja inkelden hawwe him tsjin 'e skine skopt; de hânnen ha hja net brûkt, hwent it stie skreaun, men mocht syn hân net heve tsjin in sâlve des Hearen.

De pastoar hat de skildigen oanklage en hja moasten for it biskoplik gerjucht komme. Mar de earste sei, do't er foar de rjuchter stie: hy koe it ûnmoochlik dien hawwe, hwent hy hie achter de pastoar stien en den giet it net om immen tsjin 'e skine to skoppen.

Do't dizze man dêrop frijspritsen waerd, rôp hy de twadde ta: „wy habbe bete (= achter) him steen, ûn nit far him.

De twadde die do itselde forhael en joech it wachtwird oan 'e trêdde. It sprekt, dat alle trije dêrom frijspritsen wirde moasten. Do't de rjuchter frege: „hwet sei dy man tsjin jou," andere de Sealter: „hy sei, dat wy yn 'e herberge op elkoar wachtsje scoene."

In trêdde stealtsje is dit noch:

Yn 'e tiid fen 'e Frânske oerhearsking hiene trije Skeddelers yn hjar boat forbeane waren nei Leer brocht. Hja

waerden bitrape. Ien fen hjarren waerd finzen nomd. Nei it forhear waerd er troch de grinswachter sa lang yn 'e herberch brocht. De maten, dy't heard hiene, det se him de oare deis nei Grins bringe woene, om him der dea to sjitten, gyngen yn 'e selde herberge sitten, dêr't hjar maet wier; hja sprieken tsjin elkoar, mar sa, det de finzene it hearre koe. It petear wier den ek om dizze mei to dielen, hwet se mei him foarhiene. „Jo wollene dy meden (= moarn) etter (nei) Groningen brange ûn dy daer doad skiote." De finzene hearde dit, die syn klompen út en wier yn in wip yn it tsjuster fordwoun. De grinswachters ek nei bûten; hja skeaten noch yn 't tsjuster, mar rekken him net.

Mei hjar trijen kamen hja wer by it boatsje, dat hjarren nei it heiteiân werombrocht.

De Sealter sprake fortoant lyk as men al sjoen hat, hiel hwet oerienstimming mei dy fen ús. In „wocht" út Hollenerfaen dat wy ynterwiûwden oer alles en noch hwet, sei sa twiskenbeiden, as hja ús praten hearde:

„So kwede wy ok" ef „So bale wy ok."

Ik wol hjir in pear folsinnen jaen, dy't ik opteikene, do't wy mei de hearen Block oan 't petearjen wierne.

1. Forgeen jier ûn foriges jier wierne ûn poar leibe imenjier.
(Forliden jier en 't jier derfoar wierne in pear minne bijejierren).

2. Jaezne ûn earjaezne waer it flogge weder.
(Jister en earjister wier it moai waer).

3. Wy sette by 't fjûr ûn rookje 'n bruzzel.
(Wy sitte by 't fjûr en roke in pypke).

4. 'k Liuw ús Bearnt het keezekellen.
('k Leau ús Bearnt hat pyn yn 'e mûle).

5. Jy wollen dèlig hier noch bliuwe, ûn meden woi jy etter Eit en dan wer etter hûs?
(Jimme wolle hjoed hjir noch bliuwe, moarn wolle jimme nei Friesoythe en den wer nei hûs?)

Ik wol sa dalik noch in pear wirdelystkes jaen, mar earst noch ta bislút in inkeld wird.

Wy hawwe trije doarpen kennen leard, dy't troch al de tiden hinne hjar âlde sprake net slûpe lieten. Ien sei my: hjir binne noch inkelden, dy wolle neat oars prate as Sealtersk!

Trije doarpen hawwe yn in frjemd formidden hjar Fryske tael, hjar Fryske seden, hoede mei alle noed en soarch. Litte wy dat ûnthâlde yn ús Fryslân, dêr't it taelgebiet safolle greater is.

Yn alle tiden hawwe der by ús pessimisten west, dy't seine: de tael scil útstjerre, mei gauwens is der neat mear fen oer. 't Is wier, de tael hat faken hast dea west, altiten literair, mar 't wier mar skynber; 't wier as in beam yn 'e winter, dy't er stie mei swarte stamme en swarte tûken. Mar nei de winter kaem altyd wer de Maeitiid oer de fjilden en út it âlde hout sprute fris en fleurich grien en faken wûnderlik teare blommen.

Lit ús dy beam hoedzje, de Fryske sprake yn al syn forskiningen; dêrfor moat gjin wirk to folle wêze, gjin bodzjen to slim.

VII. In rûske wirden.

A. PLANTE-NAMMEN.

1. *Spoareplanten* Cryptogamen

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
Claviceps purp.	Stôksbrood	Breakc
Equisetum	Uneet, penne-deuze, poddereske	Kwadernaet
Filices	Nederkrûd (Str.) Reinefoaren (Hf.) [1]	Njirrekrûd

2. *Nillebeamen* Coniferen

Pinus	Fjûren	Dinnen
Picea	Kjûsdannen	Spjirren
Juniperus	Wacholder	Jeneverbeie-beam

3. *Leelje-eftigen* Liliacéën

Narthecium ossifragum	Bûtergêrs	

4. *Titelroas-eftigen* Amaryllidacéën

Narc. Pseudo-Narcissus	Poaskeblóme	Titelroas

5. *Rask-eftigen* Juncacéën

Juncus	Reske	Rask

6. *Toerrebout-eftigen* Typhacéën

Typha	Moppert	Toerrebout
Sparganium	Ile	Dûkels

7. *Aronstêven* Aracéën

Acorus Calamus	Karmswuttel Sto(r)kebrood	Kalmswoartel

[1]) As op in moarn fen Sinte-Jehannesdei de woartels útgroeven wirden, hawwe hja de foarm fen de hân fen Kristus mei de wounen, fortelde in „Holnerfeentjer"

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*

8. *Siggegêrzen* Cyperacéën

Carcèx	Sêggêrs	
Eriophorum	Pûskat	Moarken
Scirpus lac.	Poolreske	Popels

9. *Gêrzen* Graminéën

Gramen	Gêrs, Gjêrs (R.)	Gêrs, Gjêrs
Anthoxanthum aristatum	Mûzegjêrs Seisenduwel	
Holcus lan.	Kantegêrs	Groubealch
Glyc. fluitans	Slabbegêrs	Flotgêrs
Molinia coer.	Bjont	Bjint
Trit. repens	Kwike	Fiter
Trit. sat.	Wete	Weet
Sec. cereale	Rogge	Rogge
	Jieuwe	Skeaf
Hordeum-soarten	Gjarste	Koarn
Avena sat.	Haover	Hjouwer
Zea maïs	Turkske wete Tuske wete [1])	Turkske weet
Arista	Ine Angel	Ang

10. *Kaeiblommen* Orchidacéën

Orchis	Kûkûksblóme	Kaeiblom

11. *Napkedragers* Cupuliferen

Betula	Riesene	Bjirk
Alnus	Ellerboom	Elsenbeam
Corylus	Núteboom	Nútebeam
Quercus	ekenboom	Ikenbeam
Glandulae	Ekkene	Ekkels

1) Tu(rk)ske wete waerd yn 'e folksmûle „Tuske wete" (Tusk is tosk)

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
12. *Galjes-eftigen* Myricacéën		
Myrica	Posten	Galjes
	Postbûske	Kreiel
13. *Wylch-eftigen* Salicacéën		
Salix	Wylge	Wylch
S. repens	Idwylge	Krûpwylch
14. *Brânnettel-eftigen* Urticacéën		
Urtica	Bânnitele	Brânnettel
15. *Knoopkrûden* Polygonacéën		
Rumex	Sûrken	Surk, Sûre
	Sûrkstam	surk
Polygonum persic.	Smartekorn	
Fagopyrum esc.	Bókete	Bokweet
Pol. Hydropiper	Salmiakblêd ?	
16. *Goezzepoat-eftigen* Chenopodiacéën		
Chenopodium	Melde	Mêl
17. *Finjelier-eftigen* Caryophyllacéën		
Coron. Flos cuculi	Hoanepote	Koekoeks-
Spergula	Waterjood	blom
	Sperjes	
Stellaria media	Hannebeiûrwe	Sparje
Dianthus barb.	Je langer, je léuwer	Wyt erf
		Tûzenskoan
18. *Bûterblom-eftigen* Ranunculacéën		
Aconitum	Patermûtse	
	Jan ûn Greete in de Kûtse	
Aquilegia	Klokkenblóme	
Paeonia	Spione	Pioenroas
Ranunculus	Bûterblóme	Bûterblom

19. *Swanneblom-eftigen* Nymphaeacéën		
Nymphaea	Pôpske	Swanneblom
Nuphar lut.	Waoterkenkes	Giele Plomp
	Konkele	
20. *Krúsblommen* Cruciferen		
Brassica oler. capit.	Bûskool	Kopkoal
Brass. Napus(?)	Reiwseed	Koalsied(?)
21. *Fioeltsje-eftigen* Violacéën		
Viola tricolor	Wylde Stiefmutterke	Sweltsjeblom
22. *Sinnedauwe-eftigen* Droseracéën		
Drosera	Bullekrûd [1])	?
23. *Hakjeblom-eftigen* Tropaeolacéën		
Tropaeolum	Hekkeblóme	Hakjeblom
	Stitblóme	
24. *Flaeks-eftigen* Linacéën		
Linum usit.	Floaks	Flaeks
25. *Huls-eftigen* Aquifoliacéën		
Ilex	Dolle hûnde	Huls
26. *Rhamnus-eftigen* Rhamnacéën		
Frangula	Hûndjesstôk	Hounemiegers-
	fûlbeien	hout
27. *Heidebei-eftigen* Empetracéën		
Empetrum	Hedebeie	Heidebeien
28. *Skermblommen* Umbelliferen		
Daucus car.	Wuttel	Woartel
	Wuttelloaw	Woartellof

1) Waerd wol brûkt om de kij dúnsk to meitsjen.

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
	29. *Fetplanten* drassulacéën	
Sempervivum tect.	Donnerkrûd	Húslek
	30. *Stjinbrek-eftigen* Saxifragacéën	
Ribus rubr.	Rode Sintjansbeie	Reade beien
„ nigr.	Swatte	Swarte beien
	Bokkelbeie ”	
	? Slanterbeie	”
Ribes Gross.	Kjûsbeie	”
		Krúsbeien
	31. *Kattestirt-eftigen* Lythracéën	
Lythrum	Kattestit	Kattestirt
	32. *Roas eftigen* Rosacéën	
Rosa can.	Wylde rozen	Wylde roazen
Crataegus	fr. Hoagelbotten	Roazekantsjes
	Hagetouden	Hagebeam
	Hagelbosk	
	(Hoagelbosk) R.	
Sorbus	fr. Hagele	Hagebeijen
	Moiboom	Kûtsjebosk
	Fûgelbeie	
	Kransbeie	
Prunus spin.	Sleietoudene	
Comarum pal.	Bloodoge	Wetter ierdbei
Rubus Idaeus	Himbeie	Bramboas
Rubus	Brommelbeie	Toarnbeien
Fragaria	Eedbeie	Ierdbeien
Pirus malus	Appelboom	Apelbeam
Pirus comm.	Pereboom	Parrebeam
	33. *Flinterblommen* Papilionacéën	
Sarothamnus	Broam	Bremerheide
Genista angl.	Knaphede	Stikelbrem
	Knippers	

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
Trifolium	Kléver	Klaver
Lotus	Slinkkléver	Rôlklaver
Pisum	Ate	Earte
	fr. Pûlen	
	Strûkate	
	Wylde ate	
Vicia	Wukken	Wikjes
Vicia faba	Grote bone	Greate beanen
	Hangste bone	Hyngste ”
Phaseolus	Krûpbone, Stokbone	Slaed-
	Padliggers	beantjes
	Snippelbone,	Snijbeane
	Insetbone	
	34. *Heide-eftigen* Ericacéën	
		Swarte
Vacc. Myrt.	Bukbeie	boskbeien
Vacc. Vitis idaea	Kroanbeie	Reade ”
Erica	Dophede	Dopheide
Calluna	Ryshede, fodderhede	Riichheide
	35. *Olyf-eftigen* Oleacéën	
Syringa	Pinksterblóme	Nageltûken
	36. *Ginsiaen-eftigen* Gentianacéën	
Menyanthes	Triblêd	Trijeblêd
	37. *Solanacéën*	
Sol. tuber.	Tuvvelke	Ierapel
Sol. nigrum	Fûlbeien	Hounemizels
	38. *Liuwebek-eftigen* Scrophulariacéën	
Rhinanthus	Dorik	Rinkelbel

Wittensk namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
	39. *Blibbeblommen* Labiaten	
Galeopsis	Dongele	Hazze-earen
Mentha pip.	Krûzeminte	Krúsemint
	40. *Weversblêd-eftigen* Plantaginéën.	
Plantago maj.	Riesenpintjes	Wéversblêd
	41. *Komkommer-eftigen* Curcurbitacéën	
Cucumis		Komkommer
	42. *Krap-eftigen* Rubiacéën	
Galium Apar.	Klief	Kleefkrûd
	43. *Flear-eftigen* Caprifoliacéën	
Lonicera	Sûgelke	Kamperfoelje
Sambucus	Keddeboom	Flearebeam
	Kitjeboom	
	Knalbossenholt	
	Keddelbeie	Flearbeien
	Keddeté	Flearté
	44. *Kaerd-eftigen* Dipsacéën	
Succisa	Soldoatenknoop	Blauwe knoop
	45. *Gearstâlden* Compositen	
Centaurea cyan.	Skoanelke (R)	Roggeblom
	Roggeblóme (R)	
	Skandeblóme (Ferm.)	
	Skandele (Str.)	
Bellis perenn.	Mariënblóme	
Calendula off.	Gortjeblóme	Finneblomke
Arnica	Snúfken	Goudtsjeblom
Bidens	Hofôke	
Cirsium	Tisel(e)	
Achillea mill.	Dûsentakke	Stikel
		Tsjerkhôfs-blom

Wittensk. namme	*Sealterske namme*	*Fryske namme*
Lappa	Kladde, Klarannen	Kladden
Taraxacum	Hundeblóme	Hynsteblom

In great diel fen dizze nammen tankje ik oan Pastoar Schulte fen Skeddel.

B. DIERNAMMEN

1 *Hûsdieren.*

Sealtersk	*Frysk*	*Dútsk*
Hangst	Hynder	Pferd
Hingst	Hyngst	Hengst
Rûne	Rún	Wallach
Moerhangst	Merje	Stute
Fole	Fôle	Fohlen
Moer- en Hingstfole	Merje- en Hyngstfôle	
Ko	Kou	Kuh
Beisten	Kij	Kühe
Bolle	Bolle	Stier(Bulle)
Okse	Okse	Ochsen
Kolich	Keal	Kalb
Rear	Rier	Färse
Jadder	Jaer	Euter
Tite	Ur	Zitze
Hoden	Hoarnen	Hörnen
Stit	Stirt	Schwanz
Skeep	Skiep	Schaf
Bok	Raem	Bock
Weder	Wear	Hammel
Oue	Ei	Mutterschaf
Loam (Loamer)	Laem (Lammen)	Lamm (Lämmer)
Swien	Baerch	Schwein
Hauwer	Bear	Eber

Sealtersk	*Frysk*	*Dútsk*
Mutte	Mot	Sau
Barch	Barge-bigge	Borg
Farig	Bigge	Ferkel
Hoane	Hoanne	Hahn
Hanne	Hin	Henne
Sukkene	Pykjes	Küchene
Ante	Ein	Ente
Wode	Eark	Enterich
Goos	Goes	Gans
Geese	Goezzen	Gänse
Gant	Goarre	Gänserich
Zege	Geit	Ziege
Zegenbok	Geitebok	Ziegenbock
Zegenloam	Geitelaem	Ziegenlamm
Hûnd	Houn	Hund
Tieuwe	Teef	Hündin
Koater	Boarre	Kater
Bolze	,, (Snien)	

2. WYLDE SÛCHDIEREN

Foks	Foks	Canis vulpes
Boommodder	Beamotter	Mustela martis
Steenmodder	Stienotter	Mustela foina
Ulke	Mird	Putorius putorius
Wieselke	Weseling	Putorius nivalis
Fiskotter	Fiskotter	Lutra lutra
Hâze	Hazze	Lepus timidus
Kanynken	Knyn	Lepus cunic.
Mûs	Mûs	Mus
Feldmûs	Fjildmûs	Microtus arvalis
Rôtte	Rôt	Mus —
Katéker	Iekhoarn	Sciurus vulgaris
Fledermûs	Flearmûs	Chiropteron
Koodigel) Swynigel)	Igel	Erinaceus eur.
Wrote	Mol, Molwrot	Talpa eur.

3. FÛGELS

Sealtersk	*Frysk*	*Wittensk. namme*
Rouk	Roek	Corvus corone
Soltrouk	Skierroek	Corv. cor. cornix
Dole	Ka	Coloeus monedula
Akster	Akster	Pica pica
Heechakster	Houtakster	Garrulus gland.
Tútrobúlo) Rikelún)	Gielegau	Oriolus oriolus
Sprehe	Protter	Sturnus vulg.
Lunig	Mosk	Passer domest.
Bûkfink	Skelfink	Fringilla coelebs
Tselp-tsalp	Tsjif-tsjaf	Phylloscopus coll.
Jipeke	?	
Koefûgel	Giele bouman	Motacilla flava
Dobbeskiter) Bouwerke) Boumantje)	Boumantsje	Motacilla alba
Blaumeeske	Blaumieske	Parus caeruleus
Koolmeeske	Blokfink	Parus major
Druiselke	Klystersoarten	Turdus
Wintergrize	Beflyster	,, torquatus
Wynfûgel	Noardmantsje	,, musicus
Litje kransfûgel	,,	
Swatte kransfûgel	Swarte Klyster	,, merula
Dobbede kransfûgel	Dûbelde Klyster	,, viscivorus
Leiwerke	Ljurk	Alauda
Nachtegael	Gealtsje	Luscinia megar.
Nettelkeuning	Winterkeninkje	Troglodytes
Boomlooper	Beamkrûperke	Certhia
Swolke	Sweltsje	Hirundo
Kûkûk	Kûkûk	Cuculus canorus
Ysfûgel	Iisfûgel	Alcedo
Specht	Spjucht	Picus
Holtdoeve	Houtdúf	Columba pal.
Hauk	Hauk	Accipiter gentilis

Sealtersk	*Frysk*	*Wittensk. namme*
Stoothauk	Wikel	Falco tinn.?
Katûle	Katûle	Asio – etc.
Kodderhoane	Koarhoanne	Lyurus tetrix
Patryshanne	Petrys	Perdix perdix
Stô(r)k	Earrebarre	Ciconia ciconia
Reger)	Ielreager	Ardea cinerea
Fiskreger)	Fiskreager	
Skytreger)		
Waldsneppe	Houtsnip	Scolopax rusticola
Kiewyt	Ljip	Vanellus vanellus
Túfik	Tjirk	Tringa totanus
Woaterhanne	Reidhintsje	Gallinula chloropus
Bleshanne	Markol	Fulica atra
Welp	Wylp	Numenius
Wylde ante	Wylde ein	Anas platyrhynchias
Wylde geese	Wylde goezzen	Anser anser

4. KRÛPDIEREN

Neder	Njirre	Vipera berus
Gêrsslûper	Gjêrskrûper	Lacerta

5. AMPHIBIËN

Poge	Froask	Rana
podde	Podde	Bufo

6. FISKEN

Boa(r)s	Bears	Perca fluv.
Stikelboa(r)s	Stikelbearske	Gasterosteus
Hekt	Snoek	Esox lucius
Eel	Iel	Anguilla
Meune	Mûne	Leuciscus ceph.
Bresem	Brasem	Abramis brama
Bleier	Blei	Abramis blicca

7. YNSEKTEN

Sealtersk	*Frysk*	*Wittensk. namme*
Ime	Hunichbij	Apis mellifica
Mosime	Moasholder	Bombus musc.
Eedime	Ierdholder	B. terristris
Hespe	Ealjebij	Vespa
Done	Greate Ealjebij	Vespa crabro
Miegelken	Myammelder	Formica etc.

(De Sealters binne tige bang for fleanende myammelders: hja geane den it ljeafst mar op 'e rin.)

Sealtersk	*Frysk*	*Wittensk. namme*
Breemsen	Brimsen	Tabanus
Kromgat	Krûmgat	Gastrophilus equi
ierskflogge	Earsmich	Hippoboscus ?
Moaiflogge	Bouw ?	Hypoderma bovis ?
Blinen	Bline mich	Haematopota
Langbeenmigge	Langskonkmich	Tipula
Skepetiken	Skieppetiken	Melophagus
Gruipoelen	Wjirmbulten	Dú: Dasselbeulen
Gotteshanken	Kofje-ingeltsje	Coccinella
Moi-kever	Maei-toerre,	Melolontha
Hangst	Hynstebiter	Libellen
Flee	Flie	Pulex
Lûs	Lús	Pediculus
Heemken	Imerke	Gryllus domesticus
Gêrshopper	Gjêrshipper	Stenobothrus etc.
Flinnerke	Flinter	Lepidopteron
Bûterekse	Bûterhekse	Noctua
Tonebekker ?	Nettebiter	Trichopteron

8. OARE DIEREN

Eize	Wjirm	Lumbricus
Snegge	Slak	Limax

C. LICHEMSDIELEN.

Sealtersk	*Frysk*	*Dútsk*
Oog	Each	Auge
Nose	Noas	Nase
Mûle	Mûle	Mund
Soke	Wang (tsjeak)	Wange
Eame	Earms	aerme
Bene	Skonken, foetten	Beine
Hoonde	Hânnen	Hände
Neile	Neilen	Nägel
Kop	Holle, kop	Kopf
Hiere	Hierren	Haare
Toske	Tosk	Zahn
Keeze	Kies	Backzahn
Keezekellen	Pyn yn 'e mûle	Zahnschmerz
	Yn it Grinslânsk:	
Hiertolle	Keezekillen	
	Hiertúf	Haartolle

D. FEMYLJE FORHALDINGEN.

Wiiw	Frou, wiif	Frau
Kerl	Man	Mann
Wocht	Fanke	Mädchen
Went	Jonge	Jungen
Babe	Heit	Vater
Memme	Mem	Mutter
Opa, ol babe	Pake	Groszvater
Oma, bêsje) ol memme)	Beppe	Groszmutter
Lûde ef ljûde	Lju	Leute
Beden	Bern	Kind
Bedene	"	Kinder
Sûn	Soan	Sohn
Dochter	Dochter	Tochter
Wide Kerl	Widner	Wittner
Wide Wiiw	Widdou	Wittwe
Muije	Moeike	Tante
Oom	Omke	Onkel

E. KLAEIJING ensfh.

Sealtersk	*Frysk*	*Dútsk*
Hozen	Hoazzen	Strümpfe
Bokse	Bokse, broek	Beinkleider
Weste	Festje	Weste
Switter		Sweater
Skôte	Skelk	Schürze
Kload	Kleed	Kleid
Knoop	Knoop	Knopf
Skoue	Skoech	Schuhe
Kepse	Pet	Mütze
Houd	Hoed	Hut
Hoske	Klomp	Holzschuh
Taskedouk	Bûsdoek	Taschentuch
Kneppe	Knipke	Börse
Saeks	Mes	Messer
Pipe	Piip	Pfeife
Tebak	Tebak	Tabak
Bruzzel	Pypke	Pfeifchen

F. YTGEREI EN ITENSSPUL

Letse	Leppel	Löffel
Fû(r)ke	Foarke	Gabel
Skeulken	Kopke	Tasse
Onderskeulken	Pantsje	Undertasse
Bûter	Bûter	Buter
Brod	Brea	Brot
Siis	Tsiis	Käse
Molk	Mâlke	Milch
Sokker	Sûker	Zucker
Kofjebone	Kofjebeane	Kaffeebohnen

G. DE DAGEN FEN 'E WIKE

Sundei	Snein	Sonntag
Moandei	Moandei	Montag
Teesdei	Tiisdei	Dienstag

Sealtersk	*Frysk*	*Dútsk*
Metweke	Woansdei	Mitwoch
Tûnsdei	Tongersdei	Donnerstag
Freindei	Freed	Freitag
Sneiûnde	Snjeon	Sonnabend
		Samstag

H. GETALLEN

Een	Ien	Eins
Two	Twa	Zwei
Tio	Trije	Drei
Fjower	Fjouwer	Vier
Fiif	Fiif	Fünf
Seks	Seis	Sechs
Sogen	Saun	Sieben
Ochte	Acht	Acht
Njûgen	Njoggen	Neun
Tjoon	Tsien	Zehn
Alven	Alve	Elf
Twelich	Toalve	Zwölf

I. INKELDE OARE SPREKWIRDEN.

Goen ef goden meden, Moarn!
Goen ef goden dai, Dei!
Goen ef goden ewen Joun!
Forjier, Sûmer, Hest, Winter
Paosken, Pinkster, Wienachten ef Midwinter.

J. TURFGRAVERIJE EN BOERKERIJE.

Sjoch it haedstikje hjiroer.

VIII. Taelpriuwkes.

Alderearst jow ik de tekst fen „De forlerne Soan," dy't my oerstjûrd is fen de Earwirdige Pastoar Schulte to Skeddel; twad in fjouwertal ferskes fen in jonge faem út Rommelse, Geziene Siemers; trêd in forhaeltsje fen de Hearen Block út Rommelse; fjird in pear sprekwirden út it wirk fen Pref. Brörig.

As net-taelkindige ha'k safolle mûchlik mijd foroarings oan to bringen, allinne nûmer 3 ha 'k yn ús Fryske stavering skreaun.

Myn hertelike tank oan de neamde persoanen, dy't mei echte Fryske gollens ré stiene my to helpen.

Lyk as út it byskrift by nû. 1 to sjen is, is dit de tekst fen de bikende grammofoanplaet.

1. DI FORLEDDENE SUN.

An foar hiid twein sûne. Do quiid di jonkste sûn tou sin foar:

„Babe, reek mi fon min fermougen den deel, di mi toustand." Do deelde di foar det fermougen, ûn di jonkste sûn look der med in de wide wareld. Deer brochte hi sin fermougen op sljochte ort ûn wise trog. As hi 't nû ael trogbrocht hide, koom der en groote smaechtige tiid in 't lound ûn hi feng oun, smaecht tou liden. Do geen hi ap 't lound ûn koom etter 'n bûr tou swine warjen.

Jedden hiid hi sin smaecht stjûrd med det wet de swine fritene, mon nan manske (nemens) raet him wet.

Nu geen hi in sik, ûn quiid tou sik selwen: Wofûl deilonere hed min foar, do hebbe jield genoug, ûn ik kûme nog ûme for smaecht.

Ik wol mi apmakje, etter min foar gonge ûn quede: Babe ik heb mi fersundiget jûn de hemel ûn jûn di, nim mi ap as aen fon din deilonere. Un hi makede sik ap ûn geen etter sin foar. As him syn foar fon widen sag, wûd hy roar trurig, hi ron him toumette, fel him ûm de haels ûn pipede

him. Di sûn fel far him deel ûn quiid: „Babe, ik heb mi fersundiget jûn de hemel ûn jûn di, ik ben nit mor weeid, din sûn tou heeten, make mi tou an fon din deilonere." Do rûp di foar sin bitjonere ûn quiid: „Branget det flogste klood her ûn lûket him 't oun, stetet him 'n ring an de fingere, reket him skoue an de feite ûn haljet det fatste koleg, wet wi masted hebbe, ûn slagtjet det; wi wollne ite, ûn us fraue, den min sûn was dood ûn liuwet wir, hi was ferledden ûn is wirfûnen.

Do frauden se sik.

Di allere sûn was just ap 't fjild. As hi etter hûs koom, heerde hi fon widen spideljen ûn dunsjen. Hi rûp an fon do betjonere ûn freigede, wet det tou betjueden hide. Di ontwoudede him ûn quiid: „Din brûr is wirkemen ûn nû hed din foar det fatste koleg slagtje let, wyl wi him gesûnd wirkrigen hed. Nû wûd hi neielk ûn wûl nit in hûs gonge.

Do koom di foar herût ûn biddede him, hi mat dag inkûme. Nû ontwoudede hi him ûn quiid: „Kyk, sofûl jiere tjonje ik di nû ûn ik hebbe silerge nog niks jûn di deein, man dû hest mi silerge nog nit an bok raet, det ik mi med min frunde fraue kûde, man nû, wir kri sûn wirkemen is, di sin fermougen op sljochte ort ûn wise trogbrogt hed, letst dû him det fatste koleg slagtje. Do quiid di foar: „Min ljouwe sûn, du best altiid bi mi, ûn al wet minen is, is ok dinen, frau di dag ûn wes welig, den din brûr was dood ûn liuwet wir, hi was ferledden, ûn is wirfûnen.

Oant. 1. Dit stik waerd fonetysk skriuwn fen de Hear Johann Menens, „diplomlandwirt," neffens de Sealterske grammefoanplaet. De fonetyske skriuwwize wier wol hwet lêstich to printsjen en is dêrom hwet forienfâldige; hwa it originéle stik sjen wol, kin it oanfreechje oan de Kânselarije.

Oant. 2. It Sealtersk fen Skeddel en det fen Strûkelje rinne hwet út enoar, det fen Rommelse noch hwet mear, neffens Pastoar Schulte. Men seit b.g. yn Skeddel: silerge, yn Strûkelje silêwe ef milêwe (= syn ef myn libben lang).

2. FERSEN FEN GESIENA SIEMERS, ROMMELSE.

1. *'s Eiwens bi 't fjûr.*

In winter, wan et kûte dêge
Un lange êiwende wir rêke,
Wan bûte hôgen snê wir lâit
Un kôlden wînd ûm 't hûs toûwâit,
Dan hêre Sêlter al so jedden
Do olde liûde wir fertellen.
Jo sette sik ûm 't grôte fiûr,
Edbânjen is nan Sêlter jûr.

In krakstoûl sit med goûde lûne
Old besjebabe piip in de mûle.
Un bi him sit sîn wiû un spint,
Hi 'n îrmful êd ût 'n kûreg nimt
Un set ûm 't fiûr dubbelden rîge
Dat glumken ût den schostên stige.
Hi wol fertelle út fröire tid
Wot Sêlterloûnd noch gants ûrs lît.

As ik noch was en litjet bêiden
Do rot et by ûs noch nên strêiten,
Ok fîrde noch nan zug trucht loûnd,
Man kend nen rêd en gên toû foûd
Un gên med 'n handstok in de hoûnde
Toûfoûd wêil etter ûrse loûnde;
Man gên wêil etter Fen un Ait
Un ok weil etter Oldenbog wâi.

Do hûze wîrren sunner schostên
In êns de kôk'ne en de fêrhênd,
Toûhoûpe boûd ût lêm un tôk;
Un truch grôdôre stêg di rôk

Opm. â = lange a (Frysk ae); ê (ús é); ô (ús oo); î (ús ii); û = Fryske û.

Dat fiûr was in de kökne midde
Weil kûdden sêkstîn mon drum sitte,
Dag was in 't hûs de arbâit dêin,
Dan kêm't jungfoûlk bi'n onner weil.

Do liûde wîren immer flitig,
Un in de arbêid al gjucht kitig;
Et wûde wulle spind un krast,
Un broket, ribbed wûde flaks,
Sogar do fente brâiden hôsen
Det mesken fon de stokke stôwen.
Fon spoûk ferteld wûd jedden dêin,
Ok sangen wûd dêrbi 'n lêid.

Was arbâid dêin, hîd bold ferjêten,
Spekpankoûke bôken ût boûkwêten,
Jû bûtre sent, selm boken brôd.
Do lêden Sêlter noch nên nôd
Un blide sêten um disk do liûden;
Dag nû is 't hier al ûrser wûden.
Jû glukeke, jû fröire tid
O kêm se wir, dag jû lâit wîd.

Jouns by 't fjûr.

Yn 'e winter as it koarte dagen
En lange jounen wer jout,
As bûten hege snie leit
En kâlde wyn om 't hûs waeit
Den hearre Sealters tige graech
De âlde ljuwe wer fortellen.
Hja sette hjar om 't greate fjûr,
Turfbarnen is for gjin Sealter djûr.

Yn briedstoel sit mei goede lúm
Us âlde pake, piip yn 'e mûle,
En by him sit syn wiif en spint,
Hy 'n earmfol turf út 'e koer wei nimt.
En set om 't fjûr in dûbele rige,
Dat spranken út de skoarstien stige.
Hy wol fortelle út âlde tiid
Do 't yn Sealterlân noch hiel oars wier.

Do 't ik noch in lyts bern wier,
Do joech it by ûs noch gjin strjitten,
Ek ried noch gjin spoar troch 't lân.
Men koe gjin rêd en gyng to foet
En gyng mei gongelstok yn 'e hân
To foet wol nei oare lânnen;
Men gyng wol nei East-Fryslân en Friesoythe
En ek wol nei Oldenboarch ta.

De hûzen wierne sûnder skoarstien
En ien wier keuken do en bûthús,
Hja wierne boud út liem en strie (tek).
Troch greate doarren gyng de reek,
It fjûr wier yn 't midden fen de keuken.
Wol sechstsien man koene derom sitte.
Doch wier yn 't hûs it wirk ôfroun
Den kaem it jongfolk wol by inoar.

De ljuwe wierne altyd flitich
En yn hjar wirk ek tige handich.
Der waerd den wolle spind en kjimd
En braekt en ribble waerd it flaeks.
Ja sels de jonges breiden hoazzen,
Dat de stekken fen 'e prjimmen fleagen.
Oer spoeken waerd wol graech forteld
Ek songen hja in lied dêrby.

Wier d' arbeid dien, gau wier dy den forgetten,
De spekstrou bakt fen moal fen bokweit,
De bûter tsjerne, sels bakte men it brea.
Den hiene Sealters noch gjin need
En sieten om de dis sa blier de ljuwe;
Dochs nou is 't hjir alhiel foroare.
De lokkige, de âlde tiid
O kaem dy wer, mar hja leit fier.

---

2. *Sêltertjoûe.*

Solange noch do êken wokse
So stolt un sterk an wâi ûm 't hûs,
Solange blift ûs Sêltersproke
Un sterft yn 't Sâlterloûnd nit ût.

Solange schel ûs loûnd ok bliûe;
Bewarje woll'n wi 't for den fêind.
Solange woll'n wi hier ok liûje
In ênigkait in glok un leid.

Solange woll'n wi nit ferjête
Us litjet goûde Sêlterloûnd.
Un det ûs blift, woll'n wi ôft bêje
God segne sproke, loûnd un foûlk.

Sealterlân.

Salang as ikenbeammen waeksje
Sa swiid en sterk, en waeije om 't hûs,
Salang scil bliuwe ús Sealtersprake
En stjert yn 't Sealterlân net út.

Salang wol scil ús lân ek bliuwe
En warje wolle wy 't tsjin fijâns macht.
Salang ek wolle wy hjir libje
Ienriedich wêze, yn lok en ûnk.

Salang wol scill' wy net forjitte
Us lytse goede Sealterlân.
Dat 't foar ús bliuwt; wy scille it bidde.
God seinje sprake, lân en folk.

---

3. *Trâst.*

Un wâit de wînd ok noch so lêip
Un trotst di winter ûs,
Un wan et ok noch fiûst un snêit,
Det forjîr blift net ût.

Dag wâi nû man, dû kolde wînd
Du winter trots man toû,
Et kumt det worm de sunne schînt
Dan 't forjêr blift ûs tjoû.

Den wêide bôme, plaken grêin,
Un bloûmen brangt de moi
Do fûg'le sjunge ok îr lêid
Den wed in 't forjîr froi.

Nu trâste di un wes nit bang
Wan 't fiust un snêit un wâit
Di kolde winter blift nit lang
Bold kumt di forjîrsdai.

Treast.

En waeit de wyn ek noch sa slim
Trotsearret winter ús,
Ho det it den ek friest en sneit,
It foarjier bliuwt net út.

Waei nou mar ta, dû kâlde wyn
En winter boasje oan,
It komt dat waerm de sinne skynt
Hwent it foarjier bliuwt ús trou.

Den wirde beammen, greiden grien,
Maeitiid bringt blommen oan.
De fûgels sjonge ek hjar liet,
Den is it foarjiers skoane tiid.

Nou treastgje dy en wêz net bang
As 't friest en sneit en waeit;
De kâlde winter bliuwt net lang,
Gau komt de foarjiersdei.

---

4. *Arendtid.*

Roggenfêilder, segenswêr
Leze rîp in sunnegloûd,
As en grotet widet mêr
Schînt truch 't loûnd det îrengoûld.

's Meidens klinkt al saiseklang
Wan jû sunn' in 't âste schînt
Iren falle, rîp un slank,
Fon den medders saisesnît.

Roggenwôine hoch un swêr
Kumme fon det roggenfêild,
Bolde klinkt wer troch det terp
Flug in tâkt det floinenlêid.

Rispinge.

Roggefjilden, sêgenswier
Lizze ryp yn sinnegloed,
As in greate wide mar
Blinkt troch 't lân it ieregoud.

Yn 'e moarn al seineklank
As de sinne yn it easten skynt
Ieren falle ryp en slank
Foar de meaners seineslach.

Roggeweinen heech en swier
Komme fen it roggefjild,
Mei gauwens klinkt wer troch it doarp
Yn flugge slach it swingellied.

---

3. IN ALDE OERLEVERING.

(Fen 'e Hearen Block út Rommelse)
'k Ha it skreaun neffens ús stavering.

Ys fruier do Mansfeelder suldoaten Seelterloand oerfalen sund, hebbe do Seelter jier jeeld on goold in en grote serkenklokke deen, on hebbe jû klokke med en

As earen de Mansfelder soldaten Sealterlân oerfâllen hawwe, hawwe de Sealters hjar jild en goud yn in greate tsjerkeklok dien, en hawwe de klok mei in tsjûke

tjokke flinte fersleten, on jû klokke in an jopen kolk fersakje let.

Nû hebbe do Seelter al tweie fersocht jû klokke med al det jeeld on goold wier to lichten, man elke mool is 't misglokket.

Det leste mool, wiren jo al op jû tjokke flinte, on do koom sun nytsk grommelschûr, det jo weglope mosten. Dusse begjucht is weerheit.

balstien ôfsletten, en de klok yn in djippe kolk sakje litten.

Nou hawwe de Sealters al twaris bisocht de klok mei al dat jild en goud wer to lichtsjen, mar eltse kear is it mislearre.

De lêste kear wierne hja al op de tsjûke balstien, en do kaem sa'n heislik ûnwaer dat hja weirinne moasten. Dit birjucht is wierheit.

---

4. INKELDE SPREKWIRDEN.

(Om de skriuwwize fen Pref. Bröring sjen to litten).

1. Wet du bî 'n ûren ferachtest, môᵘst du selfen nit dwô.
   Hwet dû by in oaren ferachteste, moast sels net dwaen.

2. Gôᵘden dâⁱ jî âle, hîd de fax quêden, dô hîd 'r in 't gêⁱsehuck kiked.
   Dei, allegearre, sei de foks do seach er yn it goezzehok.

3. Det hârt is 'n bêⁱden, 't hôpet wet 't wol.
   It herte is in bern, it hopet hwet it winsket.

Literatuer.

1. HOCHE J. G. *Reise durch Osnabrück und Niedermünster in das Saterland, Ostfriesland und Croningen.* Bremen 1800.

2. WESTENDORP N. ? *Over de Saterlanders.* Foardracht hâlden yn it Genoatskip „Pro excolendo jure patris" Hânskrift sûnder jiertal en sûnder namme fen 'e skriuwer yn 'e Bibliotheca frisia. J. H. Halbertsma, Kanselarije Ljouwert (De skriuwer moat neffens myn bitinken N. Westendorp wêze; hy bisprekt yn „Antiquiteiten" ek hwet pastoar Freukamp fen Strûkelje, dy't hy opsocht hat, oer de grêfheuvels meidielt; oer deselde pastoar hat hy it yn dit hânskrift. — Westendorp wier yn dy tiid lid fen it neamde Genoatskip) (Frânske tiid)

3. HETTEMA, Jhr. Mr. M. DE HAAN en R. R. POSTHUMUS *Onze reis naar Sagelterland.* Franeker 1836.

4. FRERICHS. *Ein Gespräch in der Saterländischen Mundart.* Friesisches Archiv Bd. I. Oldenburg 1849.

5. MINSSEN J. F. *Vergleichende Darstellung der Laut und Flexions verhältnisse der noch lebenden neufriesischen Mundarten und ihres Verhältnisses zum Alt-friesischen.* Friesisches Archiv Bd. I. Oldenburg 1849.

6. MINSSEN J. F. *Mittheilungen aus dem Saterlande.* Friesisches Archiv Bd. II. Oldenburg 1854.

7. RICHTHOFEN K. FR. VON. *Untersuchungen über Friesische Rechtsgeschichte.* Berlin 1880.

8. SIEBS TH. *Zur geschichte der Englisch—friesische Sprache I.* Halle, 1889.

9. KOLLMANN P. *Der Umfang des friesischen Sprachgebietes im Groszherzogtum Oldenburg.* Zeitschr. des Vereins für Volkskunde I. Berlin, 1891.

10. SIEBS TH. *Das Saterland.* Zeitschr. des Vereins für Volkskunde III. Berlin, 1893.

11. SELLO G. *Saterlands ältere Geschichte und Verfassung.* Oldenburg und Leipzig, 1896.

12. WILLOH K. *Geschichte der Katholischen Pfarreien im Herzogtum Oldenburg.* 1896.

13. BRöRING J. *Das Saterland.* Oldenburg, 1901.

14. SCHULTE. *Führer durch das Amt Friesoythe.* Barszel, i. O.

N.B. Yn de Kânselarije is in samling lantearneplaetsjes fen Sealterlân; dizze binne op oanfraech to krijen.